

# Kritelûd



*14 jannewaris 2017  
jiergearkomste mei breamiel foarôf  
en neitiid ferhalen fan  
Mindert Wynstra*

**HERENMODE**

**PIET KOOPMANS & ZN.**



**Woldstraat 8 MEPPEL**

**[www.pietkoopmans.nl](http://www.pietkoopmans.nl)**

**LEXIS** notarissen 

**Meppel**      Brouwersstraat 8      0522 25 28 50

[www.lexisnotarissen.nl](http://www.lexisnotarissen.nl)

notariaat / estate planning / echtscheiding



**Herman Jubbega**  
**Voor uw Mobiliteit**

Blankenstein 520, 7943 PA Meppel      tel: 0522-242525

[info@hermanjubbega.nl](mailto:info@hermanjubbega.nl) • [www.hermanjubbega.nl](http://www.hermanjubbega.nl)

MITSUBISHI • HYUNDAI

**FRYSK SELSKIP  
"WALING DYKSTRA"  
MEPPEL E.O.**

OPRJOCHTE 24 FEBREWARIS 1924

Foars.: Ludzer v.d. Schors    Pongh.: Edzer Kooistra  
Veendijk 37                      Ketelhaarsweg 9  
7971 RP HAVELTE                7944 NK MEPPEL



**Waling Dykstra**  
gipsgravure fan  
Pier Pander

Lid fan it Frysk Bûn om Utens

---

## *Fan'e foarsitter*

Bêste minsken,

5 novimber 2016. De joun koe net stik. Rients Gratema skreau: "Yn har Fryske begjintid wie Inez Timmer al in opfallende persoanlikheid, mei wa't ik in oantal kearen súksesfol gearwurke ha. No, nei al har téaterjierren yn it bûtenlân is sij in artyste mei noch altyd in moaie stim en in oangename, licht iroanyske presentaasje. Yn kombinaasje mei de boeiende pianobegelieding fan Peter van der Zwaag is har foarstelling tige de muoite wurdich." En Joop van de Ende rôp ús - yn ús oare rykstaal - temjitte : "Inez Timmer weet [.....] een gerijpte stem en haar roots te combineren met humor en kwaliteit. Zij is een artieste die zichzelf is blijven uitdagen en daardoor als zangeres alleen maar interessanter is geworden. " En dat by de Fryske Krite "Waling Dijkstra" yn "De Schalle" yn Nijeveen. It soe heve.

En dat die it. . As in artyst net allinne in stim hat, mar in stim is fan'e krún ôf oan it puntsje fan'e teannen ta, as it liket dat it lûd dêr begjint en troch it hiele lichem resonearet en dan de seal yn weaget. Sa wie de "performance". Dat is soul. Jazzy, lûd wat je net allinne hearre, mar sjogge en fiele, belibje. Wa ropt "Frisia non cantat" hat gâns wat mist. No wie net alles like djip en swier. Lyk as der ek mear as ien Inez is. Krekt lyk as elts minsk. En ek sân pear earen hat en elts pear in eigen kant út stiet. Der wiene ek sêfte en melancoalyske toanen en hjir en dêr in skop tsjin it establishment. Mar de performance wie trochlibbe en fielde as ús Fryske lân mei it taaie fan'e bientepôle yn it Lege Midden oant it

sjongen fan'e Ijurk wat stadichoan wei wurdt yn it blau fan'e loft ta. Wy soene de jûn te koart dwaan as wy ek net de professionaliteit en it artystyk talint fan it hiele selskip der yn belutsen. In jûn om noch lang fan nei te genietsjen.

Mar, de tiid hâldt gjin skoft. It is al wer desimber. We geane op nei Krysttiid en 'Âld en Nij' steane foar de doar. We binne sels al dwaande mei ús Breamiel fan 14 jannewaris 2017. Dêr is eltsenien fansels fan herte wolkom. Lykas de lêste jierren is it wer yn'e boppeseal(en) fan'e Mennistetsjerke yn Meppel. In smûk en gaadlik plak. Dernei is it wurd oan Mindert Wijnstra. Skriuwer en ferhaleferteller. Fierderop yn dit blêd sil de karkommissje der mear oer fertelle. Lykas wy wend binne fan de karkommissje komt it ek dizze kear wer 'mear as goed'.

Ut namme fan it bestjoer winskje ik eltsenien alfêst "Folle Lok en Seine". Wy hoopje jimme allegeare te sjen op sneon 14 jannewaris 2017.

Ludzer van der Schors,  
foarsitter

## *Kritejûn 14 jannewaris 2017*

*yn de Fermanje oan de Vledderstraat 20 yn Meppel*

*17:30 Breamiel*

*19:00 Jiergearkomste*

*20:00 Ferhalen fan Mindert Wijnstra*

*Dielname breamiel € 12,50.*

*Kostebydrage sprekker foar net-leden € 7,50.*

*Foar de drankjes betellet eltsenien € 2,50 foarôf.*

*Boeketafel*

*Kom allegearre!*

De Fermanje oftewol Mennistetsjerke is dus it gebou fan de “Doopsgezinde en Remonstrantse Gemeente”. Wy sitte yn de boppeseal. De ynlis fan € 2,50 is om de trije konsumpsjes (kofje, tee, fris en wyn) te dekken. Ek leden fan de leden fan it Frysk Boun om Utens betelje de ynlis fan € 2,50, foarsafier't de delegaasje fan it susterselskip út net mear as twa persoanen bestiet.

## *Breamiel – opjefte by it bestjoer*

De ideale gelegenheid om ris noflik by te praten en nije minsken kinne te learen. Fansels ha wy ek Fryske sûkerbôle!

Jimme kinne jim noch opjaan oant 1 jannewaris ta: fia de tillefoan, oer de post of per mail.

Kosten foar dielname binne € 12,50 de persoan.

## *Jiergearkomste – wurklist*

1. Iepenjen en wolkom om 19:00
2. Oantekens jiergearkomste 16-1-2016
3. Ynkommen en útgjine stikken  
Ferstjerrensberjochten, opsizzings, oankundigings fan toanielselskippen, it wênstige dus.
4. Jierferslach (sjoch dit Kritelûd)
5. Jierrekken 2016 (wurdt op de gearkomste omparte)  
Ferslach fan de kaskommisje (Piet Meijer, Reinie Mennens-Vis). Beneamen nije rekkenopnimmer. Piet Meijer giet ôf, Reinie Mennens-Vis wurdt kommisjefoarsitter. Der moat dus in nij reservelid komme. It kommisjelid wurdt dan oer in jier kommisjefoarsitter, en de nije reserve wurdt dan kommisjelid.
7. Begrutting 2017 (wurdt op de gearkomste omparte)
8. Bestjoersgearstalling. Op dit stuit liket it der op dat alle fiif de bestjoersleden trochgean, wy sille it roaster fan ôftreden noch neisjen. Mar fersterking bliuwt wolkom: de sûnens wurdt minder en de útstêdigens fan de skriuwer grutter.
8. Wat fierder op it aljemint komt
9. Omfreegjen
10. Sluten om likernôch 19:45

# Mindert Wynstra

*nimt jim mei yn de wrâld fan de ferbylding*



Ferhalefertelle is de keunst om it publyk mei te nimmen yn de wrâld fan de ferbylding.

Mindert Wijnstra verstiet dy keunst as gjin oar en fertelt ferhalen oan jong en âld, binnen of bûten, by in kampfjoer, op in boat of kuierjend troch de bosk.

In goed ferhaal fermakket de minsken net allinnich, it ferbynt ek, bringt minsken tichter by elkoar. Ferteller en publyk diele mei-elkoar in bysûndere ûnderfining.

Ferhalefertelle is dêrom by útstek geskikt foar in gesellige jûn fan in ferieniging, in ûnderdiel fan in bedriuwstapke, in famyljefeest of in fiering of in tema-les op in skoalle.

De ferhaleferteller hat foar elke gelegenheid wol in passend ferhaal.

Njonken it wurk as ferhaleferteller is Mindert Wijnstra aktyf as skriuwer fan boeken, ferhalen en teksten foar bern. Op grûn fan syn ûnderfiningen as ferhaleferteller en ûnderwizer wit Mindert Wijnstra maklik de jûste toan te finen om bern mei te nimmen yn historyske beskriuwings.

*Mear ynformaasje*

Mindert Wynstra is ek te finen op: [www.mindertwijnstra.nl](http://www.mindertwijnstra.nl).

# *De Bus II*

## *“Great Britain”*

It hie net sa'n domme set west. It wie kompakt, men hie alles by de hân en men koe oeral komme. Dêr wêr't de grutte “Wohnmobilen” foar in poarte stienen mei in boppebalke fan twa-meter-tweintich, koe De Joker – as bestelbus – oeral tusken- en ûndertroch. Ek op de boat nei Great Britain hie it syn foardielen. Sa'n bytsje heale priis en eltse Fries kriget in geloksgefoel as it yn de ponge tafalt.

De Olau wie ien fan de gaadliksten en je hienen rom tagong ta it lân. Se hiene trije wike de tiid en it plan wie om rûn te riden. Oan de Noardeast kant omheech, dan yn Skotlân oerders en dan by Wales lâns wer nei de ûnderkant.

It soe te folle wêze om alles by lâns te gean, mar der wie altyd wol wat bysûnders. Fan Vlissingen nei Sheerness gie it as fansels. De nachts op'e boat, men moast dochs sliepe en dan koste dat gjin tiid. Fan Sheerness omheech kamen se yn'e omkriten fan Middelsborough yn it plakje Hartlepool. It moast de assosjaasje mei de namme west hawwe dy't oanjoech dat se dêr fan herte wolkom wiene. In lyts dykje fan de Motorway ôf nei it strân ta rûn nei in soarte sa goed as ferlitten camping. It wie der rom en fredich. Hy sei: “It liket hjir rom en rêstich en we ha alles by ús, dat dit moat wol kinne foar de nacht”. Nei in nacht en in dei yn'e bus like in dûk yn it wetter fan'e Noardsee in goeie rie.

It foel wol op dat der net al te folle minsken der lyk sa oer tochten en nei in skoftsje yn it wetter foel de foarm fan in grut bouwsel yn 'e fierte op. Hy rôp: “Miskien is it better dat we der mar wer út geane”. Op it strân rûnen se de kant út fan it bouwurk. It joech gjin goed gefoel. Nei noch in pear kilometer ûntdutsen se frjemde foarmen fan bouwen. Yn de fierte stiene op it strân en ek yn it wetter fjouwerkante bourden op in punt mei in giel boppestik mei swarte trijehoekjes.

Hurd fuortrinne hie gjin doel, mar it wetter yn wie der net mear by. It wie mar de fraach as nukléêre straling him oan de bourdsjes hâlde soe. Werom op'e camping wisten se werom't it der deastil wie. De bus rûn hurder as oars en op'e nije camping stiene se tiden ûnder de brûs, mar de moarns fuortspiele wat net te sjen is, frege noch mear tiid.

Útwaaije wie it bêste. Sa setten se ôf nei John O'Groats dêr't de Atlantyske Oseaan en de Noardsee by inoar komme. It wie fan dat wiete-eilân-waar wurden, net dat it reinde, mar men waard dweil-troch-wiet en it sicht wie gjin hûndert meter. Omheech wie it mear bochten as dyk.



Boppe wie it net folle better, dochs wiene der in stikmannich boeren dwaande fan wiet gers hea te meitsjen. It kaam op houten rakken. Dat wurdt ien-en-al skimmel, skeat it him troch de holle.

Op de camping foel it him op dat der ûnder aardich wat folk stie, maar boppenoan wie it rom en leech. Hy snapte der neat fan. Sokke moaie romme plakken en gjin minsk te sjen. Yn'e earste fersnelling kroep de bus nei it boppenste fjild. Wat moast it der moai wêze as it waar wat better wie. Der wie feroaring op komst seine de foarútsichten.

Dy feroaring kaam. Om in oere as trije hinne helle de wyn oan en de bus kaam aardich yn beweging. Om fjouwer oere sette hy de bus op skerp mei twa krikken skean yn'e wyn. Hy wie der yn tuskentiid efter werom't dêr gjin minsk stie. Om fiif oere gie hy nei it kampburo en frege oft hy 'safe' wie. It andert wie helder. "O, sir. I have never heard of a camper blown into the Ocean. And, if so.. We have a lifeboat outside and we fetch you out in a jiffy". Dat koe wier wêze, mar rêstich sliepe wie der net by.

Jûns dochs efkes nei ûnder ta. Dêr stie it hûs fan John O' Groats. Jan de Groot, in Nederlanner, hie mei syn sân soannen in roeiboattsjinst op de Orkney-eilannen. Se joegen mekoar gjin sprút ta en sieten alle acht oan it haad fan in achtkante tafel midden yn in hûs mei acht foardoarren. It hotel midden yn it doarp wie in achtkant en yn it midden fan'e lobby stie in achtkante tafel. Dêr bestelde hy syn 'best brewn local dark bitter'. Hy soe goed sliepe dy nacht.

De oare moarns wie it 'pay-day'. De wyn wie lizzen gien en in gouden sinne stie boppe in strak blauwe Atlantic.

L.Pyk

## *Oantekens gearkomste 16-1-2016*

Ferslach fan de Algemiene Ledegearkomste op 16 jannewaris 2016 yn de Fermanje yn Meppel

1. Ludzer van der Schors iepenet om 19:32 oere de gearkomste mei in minút fan stiltme foar de fjouwer leden dy't it ôfrûne jier stoarn binne. Wy hawwe ek wer fjouwer nije leden.  
De ponghâlder kin der spitigernôch net by wêze.  
En hjoed hat de Grunneger Verain "Aigen-Haimers" ek har 70e jierdei. Us foarsitter hat fia harren skriuwer ús lokwinken oerbrocht.
2. It ferslach fan de ledegearkomste fan 17 jannewaris 2015 wurdt sûnder op-en oanmerkings goedkard en fêststeld.
3. De ynkommen stikken wiene net oars as yn oare jierren: ferstjerrensberjochten, opsizzings, kriteblêden, oankundigings fan toanielstikken en Fryske aktiviteiten.



De útgiene stikken wiene allegearre réaksjes op de opsizzings en ferstjerrens.

4. It jierferslach oer 2015 wurdt sûnder diskusje goedkard en fêststeld. It wie in slagge jier, sels mei de tige krap hâlden begrutting.
5. De jierrekken oer 2015  
Piet Meijer sit wer oan de bestjoerstafel, mar no as rekkenopnimmer èn as ynfaller foar ponghâlder Edzer Kooistra om fragen te beantwurdzjen. Opfallend is dat it kaptaal tanommen is. Dat komt fral trochdat de sealhier drastysk leger útfallen is. Ek foel ien fan de selskippen 100 euro gunstiger út as begrutte. Salang't der jild is, giet de krite gewoan troch, mar wol mei ferdrach: **op nei de 100 jier!**  
Rekkenopnimmer Piet Meijer hat konstataarre dat de boeken kreas ynoarder wiene. Ponghâlder Edzer Kooistra wurdt ûnder rju tanksizzing ûntlêstige foar 2015.  
Omdat it plak fan foarste rekkenopnimmer fakant wie, giet net ien út de kaskommisje. Piet Meijer sil de foarste rekkenopnimmer oer it boekjier 2016 wêze. Reinie Mennens-Vis jout har op as twade rekkenopnimmer. Wy beneame gjin reserve.
6. Bestjoer en kommisjes  
It slagget mar krekt om de ferskate putsjes binnen it bestjoer út te fieren. Sawol útlânskens as sykte spylje in rol. Help is en bliuwt wolkom.  
Der klinkt applaus foar de kaskommisje (Piet Meijer) en foar de karkommisje (Leny Altena, Edzer Kooistra). Sûnder dy lêsten hiene wy gjin program op de kritejûnen.  
It bestjoer bliuwt oan yn deselde gearstalling as yn 2015.  
De skriuwer wurket tenei fral elektroanysk om't er in soad yn it bûtelân sit (30 km súdlik fan Noard-Fryslân). De pepierene post moat tenei nei Piet Koopmans, dy't ek noed stiet foar "lief en leed".
7. De begrutting foar 2016 wurdt sûnder wiziging goedkard.
8. Der binne gjin oare punten foar it aljemint.
9. By it omfreesjen freget Elske Kuindersma oft der noch in gearwurking mei Ogterop is, bygelyks oangeande de twa foarstellings dêre. Leny antwurdet foat de karkommisje dat soks net it gefal is: Ogterop hiert Fryske spilers (Tryater, Breteler) foar eigen risiko yn, wy jouwe der inkeld omtinken oan. Der wurdt suggerearre om wat koarting te freesjen foar dyselden dy't fia de krite der hinne geane. Mar fierder binne wy te lyts om sinfol saken mei Ogterop te dwaan.
10. De foarsitter slút de gearkomste om 19:55 oere. Der steane 21 lju op de presinsjelist.

Romke E. Egbers, skriuwer

# Jierferslach 2016

## *Bestjoersgearstalling en karkommisje*

It bestjoer bestie yn 2016, lykas yn it jier derfoar, út: Ludzer van der Schors (foarsitter), Romke E. Egbers (skriuwer / redaksje), Edzer Kooistra (ponghâlder / karkommisje), Piet Koopmans (ledkontakt) en Leny Altena (karkommisje).

Nei alle komplimenten fan ferline jier, hie de karkommisje de drege taak it nivo dochs op syn minst te belykjen. Dat is neffens ús ek slagge.

## *Kritejûnen*

Op de gearkomste fan **16 jannewaris** yn de Mennistetsjerke wiene 27 iters op it breamiel (6 moasten fanwegen sûnens ôfsizze), op de jiergearkomste wiene likernôch de selden.

Nei de jiergearkomste fertelde Stellingwarver Karst Berkenbosch nijsgjirrige ferhalen oer de Fryske Wetterliny yn de jierren 1672 en 1673, dy't sa die bliken net al te folle foarstelde. Wol hat hy der in hiel boek mei fol krigen: "Bij de bek af". Neffens de foarsitter wie it foaral foar ús leden út de omkriten fan de wetterliny in gouden greep.

Op **13 maart** sieten wy yn de Schalle. Hymphamp brocht harren foarstelling "Op portret". Jelmar Hoekstra en Fokke Plantinga hâlden us in spiegel foar mei ferskate types en de Sjongstra's soargen foar de musikale begelieding. De mieningen oer dizze jûn: "Sokke jûnen moatte we mear ha."

Ta beslút wie op **5 novimber** ús hjerstjûn: Inez Timmer, mei begelieding fan Peter v.d. Zwaag. It nivo wie heech, al wie it neffens guon wat te lûd. As jo nei ôfrin de cd kocht ha, dan kin je dit oanpasse en wer genietsje fan dizze kanjer.

## *Kritelûd en oare publisiteit*

It Kritelûd rint goed. Tank de moderne technyk (computer en ynternet) slagget it ús einredakteur yn "der Heimat" goed om it blêd te meitsjen. Ien publikaasjemûglikheid foel oan de ein fan it jier wei: "Uit/Meppel" hâldt der mei op. Dat lei yn sawat alle winkels, fergees, dus dat wie in goede metoade. Wy sille no yntinsiver mei parseberjochten oan de gong.

## *Frysk Boun om Utens*

De krite is oansluten by it Frysk Boun om Utens. It wurdt hieltyd dreger de jiergearkomste by te wenjen troch minne sûnens, oare droktmen of útlannigens. Wy ha al fertsjintwurdige west op it jierlikse oerlis fan Diel

Noard fan it FBoU, dat binne de kriteren út Assen, Roan, Meppel, Emmen en Swol. Sa út en troch wiene ek bestjoersleden by oare aktiviteiten fan it Boun.

### *Ledeferrin*

Wy moasten ta ús fertriet op'e nij in lid en in âldlid oan de dea ferlieze.

18 maart 2016 – Greet Meijer-Keuning (89 jier)

30 augustus 2016 – Fokke Koopmans

It jier begûn mei 73 leden per 1-1-2016. Der wiene dit jier aldergeloks 2 oanmeldings as lid. Mar der wiene al 3 opsizzings en 1 lid is stoarn.

Uteinlik steane der no, per 1-1-2017, 71 minsken op de list as aktyf lid.

It ledetal is dus mar in lyts bytsje tebek rûn, dus mei wat gelok helje wy noch wol "de hundert", dat besjut 2024.

# *Meidielings en oproppen*

## *Boeketafel*

Ha jim Fryske boeken, dy't jim sels net mear lêze? Smyt se net wei, mar bring se mei foar de boeketafel, dy't der wer op de kritejûn is. Foar (meastal) ien euro foar de ferieningskas kinne oaren se wer meinimme.

## *Aginda 2017*

- |                |                                     |
|----------------|-------------------------------------|
| 14 – 01 – 2017 | Jiergearkomste yn de Fermanje.      |
| 11 – 03 – 2017 | Grutte jûn yn De Schalle, Nijeveen. |
| 04 – 11 – 2017 | Hjerstjûn yn De Schalle, Nijeveen.  |
| 13 – 01 – 2018 | Jiergearkomste yn de Fermanje.      |

By wize fan ekspearimint nimme wy hjir ek de data op fan ús Grinslanner susterferiening yn Meppel, de Grunneger Club "Aigen-Haimers". Us beider aktiviteiten binne iepenbier, mar de Fraizen binne by de Grunnegers en de Grinzers by de Friezen ekstra wolkom, net wier?

- |                |  |
|----------------|--|
| 14 – 01 – 2017 | Nijjoarsverziede bie de Schalle. Teneel deur de eigen teneelgroep.     |
| 04 – 03 – 2017 | Veurjoarsverziede bie de Schalle. Teneel deur Con Amore oet Sappemeer. |
| 11 – 11 – 2017 | Noajoarsverziede bie de Schalle.                                       |

SELSKIP “WALING DYKSTRA”  
MEPPEL E.O.

---

**KONTAKTADRES:**

Woldstraat 33, 7941 LE Meppel  
walingdykstra@kpnmail.nl  
www.walingdykstra.frl

**BESTJOER:**

**Ludzer van der Schors**, foarsitter  
Veendijk 37  
7971 RP HAVELTE  
till. 0522 – 49 23 63  
e-mail: l.vander.schors@hetnet.nl

**Edzer Kooistra**, ponghâlder  
Ketelhaarsweg 9  
7944 NK MEPPEL  
till. 0522 – 24 17 11

**Leny Altena**, karkommisje  
Bezettingslaan 78  
7943 CN MEPPEL  
till. 06 – 52 69 73 40

Kritelûd  
Kopij nei:  
walingdykstra@kpnmail.nl  
of per post:  
Veendijk 37, 7971 RP Havelte

Keamer fan Keaphannel: 04061102

**Romke E. Egbers**, skriuwer  
post: sjoch it kontaktadres  
till. 00 - 49 - 4839 - 953 952 1  
of 0522 – 24 05 17  
e-mail: walingdykstra@kpnmail.nl

**Piet Koopmans**, ledekontakt  
Woldstraat 33  
7941 LE MEPPEL  
till. 0522 – 24 14 34

BANK fan de Krite  
IBAN: NL35 RABO 0341 8122 93  
BIC: RABONL2U  
op namme fan “Waling Dykstra”

IS JO BUORMAN AL KRITELID?

*Noflike Krystdagen  
en in goed 2017 tawinske*